


*De*

# *Trefffer*



**v.v. SDS**



april 2005

# De Treffer

## klupblêd fan fuotbalferiening SDS

jiergong 35 nûmer 7

april 2005



### Redaksje:

Aant Hofstra  
Durk Okkema  
Sjoerd van Beem  
Willem Wijnia  
Metsje Huitema

### Adres:

Swingoerd 25, 8731 CV Wommels  
Sjaardaleane 7, 8734 GH Easterein  
Molewâl 4, 8731 AD Wommels  
Walperterwei 21, 8731 CC Wommels  
Tywert 4, 8731C L Wommels

### tellefoan:

0515-332364  
0515-333005  
0515-332482  
0515-331444  
0515-333295

### Bestjoer:

Rienk Wiersma	Itingewei 4, 8735 HT Itens	0515-332400	Foarsitter
Ymie Kamstra	Monsamabuorren 1, 8844 KT Hennaard	0515-332149	Skriuwer
Willem Twynstra	De Ljits 1, 8734 HL Easterein	0515-332570	Ponghâlder
Tinus Hoekstra	Skipperbuorren 17, 8734 GT Easterein	0515-331866 06-41576819	Wedstriidsekretariaat
Dukke v/d Wey	Skoallestrjitte 38, 8734 GN Easterein	0515-332340	2 <sup>e</sup> ponghâlder
Jappie Wijnia	De Jister 3a, 8731 EB Wommels	0515-332245	Foarsitter jongerein
Eddy de Boer	Skippersbuorren 15, 8734 GT Easterein	0515-331533	Lede-administraasje
Enne Jeh. Bruinsma	De Singel 12, 8734 HR Easterein	0515-332013	PR en Reklame
Roel Sijbesma	De Singel 17, 8734 HP Easterein	0515-332186	Sen. / Technyske saken

### Jongereinkommisje:

Jappie Wijnia	De Jister 3a, 8731 EB Wommels	0515-332245	Foarsitter
Tineke Vink	De Singel 30a, 8734 HR Easterein	0515-333134	Sekretariaat
Anco Elgersma	Learloaier 1, 8456 JC De Knipe	0513-689676	Skriuwer
Pieter Groenveld	't Bosk 18, 8731 BL Wommels	0515-333927	Algemien lid
Anne Hallema	De Singel 19, 8734 HP Easterein	0515-332928	Algemien lid
Syb Overal	De Singel 7, 8734 HP Easterein	0515-331830	Algemien lid

### Akkomodaasje:

Sportpark "De Skoalleseize", 't Heechhiem 11, 8734 GS Easterein, tel. 0515-331700

### Fersoarging terrein en materialen:

Andries Stuiver	A.Joustrastrjitte 4, 8734 GJ Easterein	0515-332872
Hans Kooistra	De Singel 9, 8734 HP Easterein	0515-331560
Sjouke Sjoukema	Hearedyk 55, 8735 HP Itens	06-25547253
Harm Bergsma	Skoallestrjitte 46, 8734 GN Easterein	0515-332476

### Konsul:

Pier Faber,	't Heechhiem 3, 8734 GS Easterein	0515-331750
-------------	-----------------------------------	-------------

### Bankrelaasje:

34.95.01.033 Rabobank Bolsward e.o.

**Korrespondinsje besoarging Treffer:**

Easterein:	Dukke vd Wey, Skoallestrjitte 38, 8734 GN Easterein	<b><u>Tillefoan:</u></b> 0515-333240
Wommels:	Fam. Postma, Roede 29, 8731 CT Wommels	0515-332469
Itens/Hinnaard:	Sjouke Sjoukema, Hearedyk 55, 8735 HP Itens	06-25547253
Spannum:	Fam. Eringa, S. Roordastrjitte 14, 8843 KN Spannum	0517-341532
Winsum:	Sybren Wassenaar, Hege Terp 13 Winsum	0517-341886
Kûbaard:	Fam. Verheus, Joarumerleane 2, 8732 EC Kûbaard	0515-332965
Oare plakken:	Metsje Huitema, Tywert 4, 8731CL Wommels	0515-333295

**Kontribúsje :**

Senioren fjildfuotbal:	€ 50,95	it healjier
Senioren sealfuotbal:	€ 36,75	it healjier
Senioren fjild- en sealfuotbal:	€ 65,10	it healjier
A- en B-junioren:	€ 40,45	it healjier
C-junioren:	€ 34,10	it healjier
D- en E-pupillen:	€ 27,80	it healjier
F-pupillen:	€ 24,10	it healjier

foar de jongerein jildt fanôf it twadde gesinslid 20% koarting

**Tagong wedstriden earste âlvetal € 2,-**

Foar leden en stipers is de tagong fergees.

**Stipers**

Stipers fan € 12,- (of mear) yn it jier, krije "de Treffer" fergees. Wurdt "de Treffer" mei de post opstjoerd dan freegje wy in bydrage yn de porti-kosten..

**Klup fan 50**

Foar € 50,- yn it jier wurde jo lid. Jo ynlis wurdt brûkt foar de jongerein fan SDS. Dêr tsjinoer stiet dat jo ús klupblêd, "de Treffer", fergees tastjoerd krije en dat jo by kompetysje-wedstriiden fan ús earste âlvetal frij tagong hawwe. Foar neiere ynljochttings kinne jo skilje mei Willem Twijnstra (till. 0515-332570).

**Oanmelding nije leden:**

Aspirant **jongereinleden** kinne foar in oanmeldingsformulier en foar neiere ynformaasje skilje mei de skriuwer fan 'e jongereinkommissje, Koos Plantinga (till. 0515-332448).

Aspirant **senioren (fjildfuotbal)** kinne kontakt opnimme mei Roel Sijbesma (till. 0515-332186). Njonken in oanmeldingsformulier moat ek in kopy fan in offisjeel legitimaasjebewiis (mei pasfoto) ynleverje wurde.

Aspirant **sealfuotballers** kinne kontakt opnimme mei Roel Sijbesma (till. 0515-332186).

Foar sealfuotballers jildt deselde proseduere as by fjildfuotballers. Omdat sealfuotballers harren foar de wedstriid legitimearje moatte, is ek nog in **pasfoto** nedich.

Oanmelding kin ek digitaal. Neiere ynformaasje is te fynen op: [www.vv-sds.nl](http://www.vv-sds.nl)


De lêste ynleverdei foar **kopij** foar it folgjende nûmer is:

**21 april 2005**

Jo kinne de kopij ynleverje by ien fan 'e redaksjeleden.

Leafst op skiif of oer de E-mail.

E-mail adres: [detreffer@vv-sds.nl](mailto:detreffer@vv-sds.nl)



## Dagmar



side 19

## F5



side 21

## Earste Ijip



side 33

## Ynhâldsopjefte

<u>Fan it bestjoer</u> .....	4
<u>Fan de redaksje</u> .....	4
<u>Oan it wurd</u> .....	5
<u>It ljocht op in sponsor</u> .....	8
<u>Fan de skeids</u> .....	9
<u>SDS 1 – Nijân 1</u> .....	10
<u>SDS 3 hoera, hoera</u> .....	11
<u>SDS 4 bliid mei</u> .....	12
<u>blessearde skriuwer</u> .....	12
<u>SDS 5</u> .....	14
<u>SDS-ers mei op “bestoarming” Newcastle</u> .....	15
<u>Sibe de Seefûgel (60)</u> .....	16
<u>Wedstriidferslagen SDS C1</u> .....	17
<u>F4</u> .....	19
<u>Merci</u> .....	19
<u>Samar yn Skotlân</u> .....	20
<u>F5</u> .....	21
<u>Ut de âlde doaze</u> .....	22
<u>SDS- league 2004/2005</u> .....	23
<u>SDS – League 2004/2005</u> .....	24
<u>Standen fjildfuotbal bywurke oan 't en mei 25 maart</u> .....	26
<u>Standen sealfuotbal</u> .....	29
<u>Doelpunten 2004/2005</u> .....	30
<u>Himd fan it liif</u> .....	31
<u>Trefferkes</u> .....	32
<u>Durk yn Milaan</u> .....	35
<u>Aginda</u> .....	36

# Fan it bestjoer

## 10 jier bestjoerslid SDS



Dit is de lêste kear dat ik wat skriuw foar de Treffer. Want by de folgende ledengearkomst gean ik út it bestjoer. Ik haw it mei in protte wille

dien en haw sels no noch goed neitocht at ik noch 5 jier troch gean sil of stopje sil. Myn beslút stiet no fêst: ik stop der mei. Dus wa't dizze moaie funksje oernimme wol, kin sich melde by ien fan de bestjoersleden. It soe fansels geweldich foar Ymie wêze dat er wer in frou by kaam. Ik haw in protte hichtepunten mar ek djiptepunten meimakke. Degradaasje en promoasje wat in ferskil. De moaie wedstryd yn Ljouwert, wat in ûntfangst by Blauw Wit. Geweldich en wat in feest doe't wy it hellen. En foar Kees Jansen in prachtich beslút fan syn trainerskip yn Easterein. By de thúswedstriden wie ik hast altyd. Faak drok dwaande mei fan alles en noch wat, sa as kofje regelje en ûntfangst fan skiedsrjochters en bestjoersleden. En fansels de tillefoan dy't faak readgloeënd stiet. En seker at der in wichtige wedstryd wie, dan gie de tillefoan om de 10 minuten. Omrop Fryslân en kranten en sa wiene der noch wol mear dy't belden. Nei de wedstryd efkes in buorreltsje en dan noch alles opromje wat faak hiel gesellich is: ik sil it wol misse.

Ien kear yn de 6 wiken fergadering. Earst de agenda ôfwurkje, soms wie it samar klear, mar we hawwe ek wol oant hast 12 oere sitten te fergaderjen. Dêrnei noch

efkes wat oar praat en dan gyngen wy nei hûs. Yn it begjin wie it wol geselliger as de lêste tiid en dat fyn ik dochs wol spitich dat er in protte nei de fergadering faak gelyk nei hûs wol.

Ik besocht ek faak de útwedstriden en dêr wie soms wol in grut ferskil yn ûntfangst. Ek de kantines wiene hiel ferskillend: de iene moai, de oare suterich. Ta dy lêste kategory heart ús kantine no ek hast. Hopenlik komt er gau in oplossing foar dizze saak.

Ek as e.h.b.o-er haw ik myn taak faak hân. In protte ûngeregeldheden hawwe der gelokkich net west.

Nei dizze 10 jier gean ik earst in jier neat dwaan foar de klup. Allinne draai ik myn kantine tsjinsten noch. Miskien is der dêrnei wol wer wat. Ik hoop dat er gau in nij bestjoerslid fûn wurdt. En no noch mar hoopje dat oan de ein fan dit seizoen SDS noch in feestje fiere kin. Dit wie it dan.

Dukke van der Wey- Boersma

## Fan de redaksje

Ek dizze Treffer stiet wer grôtfol mei nijs. Utfierd yn fêste en nije rubriken. Wy binne bliid mei ús korrespondint yn Skotlân, Dirk Yde Sjaarda. Sa krijt de Treffer ek noch wat in ynternasjonale tintsje. Yn dizze Treffer mear "oer de grins" ferhalen. Fean fans dy't nei Newcastle reizgen en Durk Okkema dy't in typyske 1-0 wedstryd seach yn Milaan. In protte lêsnocht.

AH

## Oan it wurd

Yn dizze Treffer litte wy **Klaas van der Weg** oan it wurd. Hy is fuotballer by Futsal 3 en boerd- en sjurt sponsor.

### Wannear bist begûn te fuotbaljen?

Dat sil no sa'n 32 jier lyn west hawwe. Doe't wy der opkoenen, binne wy der opgien. Wy, dat wiene Daan, Ype, Oane Bauke en ik. Der wiene doe noch gjin Efkes dus bin ik yn de E's begûn.

### Goeie herinneringen oan dy tiid?

Ja, prachtige herinneringen. Wy binne ek faak kampioen west. En kampioen wurde wie in feest. Mei it buske fan Joustra troch Wommels en Easterein Dat binne echt hichtepunten west.

### Do wennest doe yn de Sudhoeke op in pleats. Hiene jim ek in doel op it hiem stean.

Nee, by ús wiene de skuordoarren it doel. It koste wolris in kowerútsje, mar it wie maklik.

### Wat diest yn it fjild?

Ik wie earst doelman. Der wie oars net ien, dus waard ik it, want ik hie der wol wat oanlis foar.

### In goeie keeper en in goeie spits dus?



Ja dat kinst wol sizze, want Ype skoorde doe ek al in protte.

### Do wiest earst doelman, wannear waard dat oars.

Ik tink dat ik by de B-s foar it lêst keepst ha. Ik stie te faak neat te dwaan en dat fûn ik net leuk mear op lêst.

### Wat doe?

Ik bin earst wat efter begûn, mar bin dochs al gau nei foaren gien. Ik waard spits. Yn de 6 jier dat ik noch by de senioren spile haw, wie ik sintrum spits.

### Wat foar spits wiest?

Ik wie reedlik snel, ik hie te min technyk, mar koe drigend wêze troch hurd te wurkjen en de bealch der yn te setten.

### It twadde wie it heechst helbere?

Ja, foar my wol. Ik haw wolris by it earste meidien, mar wie krekt te min foar de basis.

### Goeie herinnerings oan trainers?

Ja, oan Henk Buning. Prachtige trainer wie dat, dy fielde perfekt oan hoe't it om en ta giet by SDS. Haw dus altyd mei nocht trind doe't hy der wie. Mei de trainer dêrnei waard it wat minder allegear

### **Bist derom mei 24 jier al opholden?**

Nee, dat hie mei de saak te meitsjen. Doe't Bert en ik mei Wheagan begongen wie dêr alle tiid foar nedich. Dêr paste it fuotbal helaas net mear by.

### **Dochs bist wol wer yn de seal begûn?**

Ja, in jier as 6 lyn. Ik trof Tinus Hoekstra op de Eastereinder feesten en dy wist te melden dat se noch wol ien brûke koene. Der wie mar ien sealteam dus ik kaam fuort yn it earste.

### **Dat sealbaljen wie hielendal nij foar dij?**

Nee, net hielendal. Yn de tiid dat ik yn de A-s siet, hiene se by it sealteam fan doe wolris ien of twa te min. Ype en ik mochten doe mei. Dat wie yn de tiid dat Tamme de Boer, Sjoerd Postma, Jan de Boer en Henkie Baarda meidiene. Doe hie ik al murken dat it my wol lei en dat ik it wol leuk fûn.

### **Do spilest no yn seal 3. Wat foar team is dat?**

Dat is wol hiel apart mei ús. Wy binne hast allegear ûndernimmers. In echt ûndernimmersklupke. Dus fuotballe, neisitte en netwurkje. Sa giet dat by ús.

### **Netwurkje?**

Ja dat is hiel apart by ús. Wy kinne wolris wat foar elkoar betsjutte. Wy wize elkoar op saken en wy prottelje meie elkoar oer rigels ensafuorthinne.

### **En it fuotbal?**

Dat giet ek prima. Ik bin ien kear hast kampioen west, mar de ambysje leit net

yn hegerop te kommen. Wy wolle lekker fuotbalje, mear net.

### **Is dat leuk, jûns 10 oere yn Sint Nyk of Lemmer?**

Foar my wol, tiid makket neat út. Yn it fjild bist dat fergetten. Us tiid foar neisitte (lêse netwurkjen) is dan wol ris wat koarter.

### **Hast noch tiid foar oare saken?**

Ja, gelokkich wol. Muzyk is myn grutte hobby en dêr bin ik dochs wol 2 jûnen mei dwaande.

### **Do spilest yn in band?**

Ja ik spylje gitaar yn Why Not. En wy binne de lêste jierren dochs wer wat aktiver wurden, dus it kost ek wer wat mear tiid.

### **Oars noch funksjes?**

Ik sit yn it bestjoer fan de ûndernimmersferiening fan Wommels.

### **Oare sporten?**

Nee, dat wurdt no neat. Ik haw wolris in skofke squast en yn it ferline fansels keatst. Oant en mei de Freule en doe wie it oer. Op de Freule haw ik keatst mei Jan de Vries en Pieter Vellinga.

### **Bist ek grutsk as de sjurtsjen fan SDS sjochst mei Wheagan der op.**

Ja, fansels wol wat. Ik fiel ek wol wat foar it fuotbal en at de bedragen wat te oersjen binne dan is dat bêst goed. It binne moaie sjurtsjes wurden en de namme Wheagan stiet er goed bij.

**Ta beslut hiene wy it noch efkes oer:**

\* Formule 1 : dat fyn ik prachtich mei dy technyske saken en dat geweldige kommentaar

\* Blessures: haw ik nea folle hân

\* de Sudhoeke dêr't hast allegear ferdigeners wei komme

\* Oer de super 11 fan Klaas.

\* Oer de rubryk "de âlde doaze"dy't safolle herinneringen oplevert

De super 11 fan Klaas is sa dúdlik as wat:

SDS 2 doe't sy kampioen waarden mei Glas 80 op it boarst en Klaas de Haan as lieder. De foto hat lêsten al yn de Treffer stien en stiet op [www.vv-sds.nl](http://www.vv-sds.nl)

En omdat it sa'n moaie foto is noch mar in kear yn de Treffer.



Sittend, de twadde fan rjochts is Klaas van der Weg

Gerrit Kooistra hat in  
keepersbroek te keap.  
Maat: Pupil.  
Til: 0515-332486.



## It ljocht op in sponsor



*As der tiidens it seizoen ris in sneon net fuotballe wurde kin, dan giet de ien mei de frou nei de stêd, wylst de oar de tún yn giet. Altena tuinaanleg út Snits kin hjir goed advys oer jaan as it jo it sels hielendal út hannen nimme.*

Altena Tuinaanleg & en -Onderhoud is in entousiast bedriuw, wêr as je mei al je túnwurksumheden by terjochte kinne.

De tún yn is foar harren gjin wurk maar hobby.

Se wolle harren leafde foar it griene graach mei ús diele.


Harren motto is dan ek:

Altena tuinaanleg & -onderhoud doet uw groene hart sneller kloppen.

Fakkennis, netsjes wurkje en kwaliteit steane by harren heech yn it findel. Ek is it bedriuw lid fan de brancheferieniging

VHG (Vereniging van Hoveniers en Groenvoorzieners).

Underhald is in wichtige saak om jo tún sa goed as mooglik yn kondysje te halden. It is dan ek in rom begrip dêr't mear by sjen komt dan allinnich ûnkrûd romje. We ha it dan oer; bemeste, snoeie, it opbinnen fan planten ensafuorthinne. Foar elkenien mei as sûnder griene fingers kin Altena de helpende han biede. Yn oerlis is der in protte mooglik, it is mar wat as je sels wolle. Sa kinne se jo alle wurk út hannen nimme, mar ek in diel hjir fan.



Altena is wat dat betreft fan alle merken thus. Je kinne sels ôfprate dat se jo tún dogge wylst je sels op fekansje binne. Ha je der gjin omsjen nei no?

Docht boppesteande jo griene hert sneller klopjen, sjoch dan foar mear ynformaasje op de webside fan ien fan ús sponsors : [www.altenatuin.nl](http://www.altenatuin.nl)

**Bonkelaar 22 - 8608 WC Sneek - Tel. 0515 43 89 79**

**Doet uw groene hart sneller kloppen !**

## Fan de skeids

### Spelstraffen en disciplinaire straffen.

Met regel 12, overtredingen en wangedrag daar heeft de scheidsrechter het meest mee te maken in een wedstrijd. Hierin zijn twee onderdelen belangrijk, de spelstraffen en de disciplinaire straffen. Deze twee onderdelen zijn bijna niet van elkaar te onderscheiden. Het is dan ook geen toeval als na een fluitsignaal van de scheidsrechter minstens één of twee voornoemde onderdelen in werking treedt.

Spelstraffen: indirecte vrije schop, de directe vrije schop of de strafschop. Daaraan gekoppeld de disciplinaire straffen: vermaningen, waarschuwingen (gele kaart) en veldverwijderingen (rode kaart)

De vraag blijft altijd worden de spelstraffen en de disciplinaire straffen wel op de juiste wijze toegepast. In de eerste categorie, de spelstraffen valt het in zijn totaliteit nog wel mee. Een scheidsrechter ziet vaak de overtreding wel en fluit hiervoor. Maar geldt dit ook voor de disciplinaire straffen? Is de scheidsrechter vaak te tolerant. Gaat de scheidsrechter zich niet te snel verschuilen achter de gele kaart. Terwijl het volgens de spelregels een rode had moeten zijn. Te denken valt aan de elleboog, overtreding van achteren. De tegenstander heeft bij zulk soort overtredingen geen schijn van kans zich te verweren. Hier is dan ook sprake van ernstig gemeen spel want hier wordt een gewelddadige overtreding gepleegd. Ik denk aan de overtreding van de Twente

verdediger met de elleboog stoot tegen een speler van Groningen. Eerst 7 wedstrijden en vervolgens door vormfouten vrijgesproken!! Zo zijn er nog veel meer gevallen waaronder de bekende opstootjes. Waarbij het er echt op een handtastelijke manier te grof aan toe gaat. Waarom wordt dit te vaak afgedaan met gele kaarten terwijl hier toch echt rood op zijn plaats is? Heeft het te maken met de enorme belangen op zowel financiële als sportieve vlak of heeft het te maken met de te grote tolerantie die is toegenomen de laatste tijd in onze gedoogmaatschappij? Het is dan ook niet verwonderlijk dat de media er constant overheen valt als er weer een verkeerde beslissing wordt genomen. Is het niet de taak van de scheidsrechter om de benodigde zorgvuldigheid in acht te nemen, disciplinaire maatregelen te treffen conform de regels. Niet verbergen achter een gele kaart wat rood had moeten zijn of bij een overtreding nog maar een gele kaart ipv rechtstreeks rood.

Spelen met regels. Hierbij komt duidelijk naar voren dat de spelers het spelletje spelen met de daarvoor bedoelde regels en het nooit de bedoeling is van de scheidsrechter met deze zelfde regels eveneens een spelletje te spelen. Maar juist zorgvuldig met deze regels om te gaan en deze dan ook op een juiste manier in praktijk te brengen. Zowel in het betaalde voetbal als bij de amateurs.

Douwe Reitsma

## **SDS 1 – Nijân 1**

### **REMCO BROUWER HOUDT 3 BELANGRIJKE PUNTEN VOOR SDS IN OOSTEREND**

De kop zegt al genoeg over de wedstrijd van afgelopen zaterdag, dankzij een zeer sterk keepende Remco Brouwer konden er afgelopen zaterdag weer drie belangrijke punten aan ons totaal worden toegevoegd en zo blijven we in het spoor van Broekster-Boys.

De altijd beladen derby was dit keer niet zo opgefokt als de laatste editie in Nijland, onze gasten hadden er van geleerd om ons niet weer zo op scherp te zetten door middel van berichten via onze website. Nee het bleef verdacht rustig tijdens de voorbeschouwing vanuit het vijandelijke kamp. De beginfase was duidelijk voor ons en we zetten met redelijk combinatie voetbal Nijland onder druk. Dit resulteerde in de tiende minuut al in een treffer. Kees stoomde via de linker kant op en bracht Hendrik in stelling, die haalde met een knappe actie de achterlijn en zijn perfecte voorzet bereikte bij de tweede paal Robert die beheerst afrondde en ons op een verdiende voorsprong zette. Vrij vlot daarna hing de 2-0 in de lucht, maar Marten van der Kamp kon de goed ingeschoten bal van Hendrik met kunst en vliegwerk tussen zijn benen keren. Nijland stelde hier bitter weinig tegenover en liet zich ver terug zakken, Het was alleen Wieger Boonstra die op wel zeer irritante wijze telkens met gestrekt been doorging op zijn directe tegenstander en zo probeerde de bakens te verzetten. Na 35 minuten leek dit succes te hebben want de gasten werden beter en beter en wij onrustiger zodat we de bal niet meer in de ploeg konden houden. De al

eerder genoemde Boonstra kreeg nog een vrije kop kans, maar gelukkig voor ons kopte hij over, zodat we met een 1-0 voorsprong de rust in konden.

Na de speech van Bleekveld wilden we de tweede helft op de zelfde wijze starten als de eerste maar Nijland zat er boven op en gaf ons geen kans, sterker nog zij werden de bovenliggende partij en kregen kans op kans. Wieger Boonstra 3x, Gert Koolmoes 2x en Elmer Woudstra 2x hadden de uitgelezen kans om Nijland naast ons te brengen maar faalden keer op keer, mede door een uitblinkende "MAN OF THE MATCH" Remco Brouwer. Wij konden hier weinig tegenover zetten, al kreeg Hendrik nog twee kansjes maar was hij te zelfzuchtig. Lykele greep nog in met twee wissels, Jacob-Klaas voor Tjipke en Henk P. voor Robert maar ons spel ging niet vooruit. Met hangen en wurgen haalden we het eindsignaal, waarbij we van geluk mochten spreken dat de zeer goed leidende scheidsrechter Hinne Smedes uit Garijp in de slotfase een overtreding in onze zestien van Harm niet waarnam en zo de bal niet op de stip legde. Nijland had minimaal een punt verdiend, maar ja dan moet je de kansen maar afmaken ik kan me ook genoeg wedstrijden herinneren waarbij wij meer verdienden dan dat we kregen. Vreugde in het SDS kamp na het laatste fluitsignaal en toen ons ter ore kwam dat Broekster-Boys 2 punten had verspeelt bleek dat we deze middag een goede slag hadden geslagen. Slecht spelen en winnen dat is ook een kwaliteit, meestal wordt je kampioen door dat soort potjes dus wie weet.

WD

## SDS 3 hoera, hoera

SDS3 – Ljouw.sweltsjes7 12-03-05

Samar ynienen wie it dan safier. It begjin fan diel 2 fan it seizoen 2004 – 2005.

Nei in bealich fol wurk koene Wouter en Friso dan toch noch genôch spilers byinoar krije en giene we om healwei ienen los.

Nei in fierstente lange winterstop giene we wat ûnwennich fan start. It wie allegearre wat sloardich en net like moai om nei te sjen. Mar dit koe ús der net fan wjerhâlde om rillegau de iepeningstreffer en dernei ek de 0-2 te meitsjen. Dan fuotballet it daliks al in stik better no. It is de middei fan Pieter Kamstra wurden, al sil er yn al syn beskiedenheid syn team nea ferjitte. Hy skoorde mar leafst 6 fan de 8 goals. De oare 2 waarden makke troch Gerlof.

Om't de Ljouwerters ek ien wisten te meitsjen wie de útslach 8-1. Der kinne je mei thúskomme tocht ik.

**Blau-Wyt5 – SDS3 19 – 03 – 05**

Nei de prachtige herstart fan ôfrûne wike moasten we it no alwer opnimme tsjin in Ljouwerter ploech. Blau-Wyt, yn de kompetysje net sa'n heechfleaner, mar der wurdt wolris sein dat je tsjin de leechsten it kampioenskip pakke moatte. No dat wie ús net oan te sjen. We koene it ferskil yn'e stân yn elts gefal net yn de skoare dúdlik meitsje. It wie en it bleaun 0 – 0. We hiene it measte balbesit, mar koene hjir net genôch mei dwaan. Yn de twadde helte waard sels Jappie noch yn de spits postearre, mar ek hy koe de útblinkende keeper

fan Blau – Wyt net foarby komme. We ha 2 punten ferspiele tsjin in tsjinstanner dy't perfoarst net ferlieze woe en derom 'en groupe' efter de bal spyljen gie. Dat wy der muoite mei ha, mei dúdlik wêze.

Mar ja, oare kear better. Úteinlik ha we alles noch yn eigen hannen. It wurdt allinnich noch wat spannender as at it al wie!

### Opmerklik:

# Gerrit Terpstra makke tsjin Blau-Wyt syn rentree op de fjilden, nei't er in hiel skoft oan'e kant stien hie.

# De iene wike hoecht er net mei, mar wol er al graach. De oare wike mei er al mei, mar hat er gjin nocht. Just Hampie.

# Workum3.nl is in nijsgjirrige side, yn it gasteboek falt te lêzen dat se hast al kampioen binne.....

# Lieuwe v/d Brug is back in town en hat it noch altyd tige kâld! (sjoch foto)

# Pieter Kamstra lit fan him hearre yn it tredde en stiet de wike dernei wer yn de basis fan it twadde.


# Takomme Treffer treffe wy inoar wer.



(svb)

## SDS 4 bliid mei blessearde skriuwer

Meastentiids wurdt in ferslach fan it fjirde makke troch ús aller Aant mar dy earne jonge is blessearre. Men soe tinke, dan kin hy moai alles lâns de kant besjen hoe wy it dogge mar nee hear! It wie him fêst te kâld, it earste moast thús (ûnder it mom, kin 'k hjir moai in stikje fan meitsje), wy moasten foar iterstiid fuort, Makkum út wurdt fêst neat, mar ien wikselspiler mei wylst der wol fjouwer yn de rêst útwolle, de frou winkelen belooft, de tún is ek in gaos en sa kin 'k noch wol hûndert arguminten opjaan mar



yn 't koart sein, Hy wie der net. Tefolle lêst fan it ankel, sei Aant mar wy witte wol better. Wy moasten hast meilibben om him krije want dit kin myn lêste jier wol ris wêze mar sa gau is hy net fan ús ôf. Elkenien wat swart meitsje en der sels stikemwei tusken út knipe?

Mar hawar, wy op nei de Braak. It frear krekt net, it stoarme hieltyd mear, it waarberjocht wie reinwetter en elkenien tocht, kinne wy dit net ôflosse? Eins wie mar ien klear op sok waar en wie Eddy. Ik tink dat it lei oan Pep want dy brocht him krekt foardat wy fuort moasten in

plastyk pûde mei ynhâld en wat dêr yn sitten hat kinne wy allinne mar riede. In sek fol dus grif gjin iten want hy moat op 'e honger pôle

seit Pep altyd, hie hy syn fuotbalskuon ferjitten as wie 't wat oars? It sil wol ien as oare panty wêze seine guon mar dêrfoar hoege jo



net in jiskefetsek. Eddy wie wol ien fan de ienichsten dy yn de klaaikeamer lake en de wanten oan die, de skuon efkes sjen litten dat dy goed smoarch wiene, krekt oft hy altyd op de training oanwêzich is (Pep hat dy fan te foaren efkes troch de sânbak helle), it wie ek grif net syn aaisikers pet, hjiroer dus oare kear mear.

Dan de wedstriid en dat wie mear dan de muoite wurdich en wol fan beide kanten. Der waard fan it begjin ôf striden foar elke meter. Lieder Ids hie Tjeerd as lêste man opsteld en dat die hy dizze kear mear dan treflik want wy hawwe him net heard. Foarige wike ien oefenwedstriid spile tsjin Stiens en dêr die hy oars net as prate, prate, dit en dat giet ferkeard en wylst hysels de iene nei de oare bal net goed rekket. Hy wie stil en die wat hy dwaan moast.

Jaap de keeper, hie wat lêst fan swiersekkichheid teminsten sa neame wy dat want wy hiene yn de earste minút efter stean kinnen. Wy neame it mar gemaksucht en fertrouwen yn de rest fan de ploech mar net mear lizzen bliuwe Jaap want dyn foutsje is ek net altyd in goal. Al de oare om Tjeerd en Jaap diene súver mear harren bêst no 't der net sa âle waard en krigen sa no en dan ek de

kâns om wat te sizzen. Der waard ek wat balâns yn de efterhoede brocht en Sipke, Tjeerd, Klaas, Ype en Stoffel krigen mannen mei lucht om harren hinne want Bertus, Ids en Willem draafden al de gatsjes ticht en ha meastentiids oan ien partij net genôch. Wy litte sokken nei de tiid nochris fleane om bieren te heljen. Dan de spitsen want dêr hat elkenien fertrouwen yn, dêr dogge wy alle gearre in stapke ekstra foar. Foaral foar Eddy want dy bleau kâld. Hoe soe 't ek oars want as jo oardel oere op trije fjouwerkante meter stean bliuwe? Dochs makke hy in hiele bêste goal en wy ha him mei ús allen mar efkes oankrûpt en dêrtroch krige hy 't wer wat waarm. Folkert dy yn klean fan meardere spilers fuotballe, hy hie sa goed as alles ferjitten, skeat twa kear yn de goal mar de iene wie bûtenspul. Dan Ype, noch nea ien makke mei de kul sei hy mar dat prestearre hy tsjin Makkum wol. In foarset fan Eddy en Ype der op knibbels foar en tikke him mei alles wat der noch siet, yn de goal. Dat dizze goal net teld wurde mocht lei oan de grinsrjochter want dy seach bûtenspul mar dat rekke kant noch wâl. It like nearne op mar miskien waarden wy dêrtroch wat skerper en úteinlik waard it wûn. Makkum hie in 75 % de bal mar troch SDS en op karakter waard de punten ek noch fertsjinne binne helle want der is eins net in kâns fuort jûn.

### **De ferfanger.**

### **SDS 4 – Zeerobben 4**

Nei 20 minuten wie de wedstriid al spile. Op it skoreboerd stie doe al in 3-0

foarsprong. Uteinlik waard it 7-1 foar SDS. Durk Okkema makke nei lange tiid blessurelijen syn rentree en dy dat net ûnfertsjinstlyk. Doelpunten wiene der fan Folkert Rients Vellinga (2), Ype Tiemersma (2), Sipke Hiemstra, Ids Boersma en Eddy de Boer.

### **SSS 2 – SDS 4**



In echte topper. Beide ploegen stiene op in gelyk oantal punten op it twadde plak. Neffens de bërjochten hiene beide ploegen winne en ferlieze kind. Mei oare wurden in gelykspul wie de beste einútslach. Dat slagge dan ek. Ype Tiemersma skoorde.

### **Neisitte**

Sommige spilers fan SDS halde der in frjemde wize fan neisitten op nei. Net yn de kantine mar yn de auto. Ut Makkum waard in wol tige alternative route riden fia, Hartwert, Burchwert, Reahûs, Lytsewierrum, Rien en Itens. Doe't dyselde ploech út Marsum komme moast waard keazen, foar Boksum, Jellum, Jorwert, Baard ensf.

(aant)

## SDS 5

### Wedstrijdverslag SDS 5 – Bolswardia 4 op zaterdag 12/03/05

De vraag voor vandaag was: Gaat het wel door? Vol spanning toch maar even de SDS site raadplegen. De uitslagen stonden bij SDS 5 nog open dus konden we ervan uitgaan dat er weer eens een wedstrijd gespeeld kon worden in Easterein. Eindelijk weer eens.....

Half 3 op het veld met mooi weer konden we de wedstrijd beginnen onder leiding van fluitmeester Evert Tanja.

Er werd rustig begonnen aan de wedstrijd door beide teams maar Bolswardia nam het heft in eigen handen en kwamen vaker op onze helft dan wij op die van hen dit ook mede door de wind die ze meehadden ;-)



Voor de rust werd er gescoord door Bassie nadat Gearard een aanvaring had

met de keeper met Bolswardia, gevolg: gebroken teen.

Een tegendoelpunt word ook nog gescoord; ruststand 1 – 1

Na de rust was het een beladen wedstrijd waarin beide ploegen knokten voor de felbegeerde 3 punten. Doelpunten waren er van Pieter Lieuwe die ons terug bracht in de wedstrijd, een penalty die benut word door onze eigen Gearard en het uiteindelijke winnende doelpunt kwam



van de schoen van Johannes alias dotje  
Uiteindelijke stand 4 - 3

Evert bedankt voor het fluiten (mag ook wel eens gezegd worden☺ )

Voor de keeper van Bolswardia veel beterschap toegewenst

Groeten van Bassie

## SDS-ers mei op “bestoarming” Newcastle

Ferskate SDS-ers hawwe mei west as supporter fan it Fean nei Newcastle. Sy seagen yn de Strawberry, it kafe fan de fans fan NewCastle, sy seagen harren eagen út yn it stadion, sy makken wille op de boat (of net) sy ieten lekker op de boat (of net) en foaral: sy gedroegen harren as echte Feansupporters.

In fotoympresje



  
NEWCASTLE  
UNITED



SC HEERENVEEN

UEFA Cup Round 32 - Second Leg

Thursday, 24th February, 2005 Kick-Off 7:45pm

Sir John Hall West Corner L7 Upper

Turnstile 85

Access 7

Row Q

Seat 0317

Price £20.00

ADULT  
\*BULK



TO BE RETAINED





## Sibe de Seefûgel (60)



### De coach

Wat soe in sporter moatte sûnder coach. Dy fraach hâldt my de lêste tiid dwaande. Seker neidat ik dat hurdriden seach op de 10 kilometer. 25 rûntsjes moatte hja dan ride en 25 kear komme je by sa'n healwize, drokefterûtridende, razende en roppende coach lâns. Je soene hast oanstriid krije om alle kearen de binnenbocht mar te nimmen om safier mooglik by sa'n man lâns te riden. Sjoch dat er immen stiet mei in boerd om oan te jaan hoed hurd it rûntsje giet, is noch dêr oan ta, mar wat moatte je no 25 kear roppe. Om no alle kearen te balten dat er "de slach goed ôfmeitsje moat" of "dat er djip sitten bliuwe moat" kin ek net de bedoeling wêze.

Ik tink dat sa'n coach de jûns fan te foaren goed neitinkt wat hy allegear roppe sil. It moat prikkeljend wêze foar de rider en ôfwikseljend.



Ronde 1: Goed, goed, giest de goeie kant op.

Ronde 2: Avenseare, it begjint sa te reinen.

Ronde 3: Kop op, kont del.

Ronde 4: Links, rjochts, links rjochts

Ronde 5: Wy ite jûn beantsjes

Ronde 6: It giet goed. Do bist de beste

Ronde 7: De slach goed ôfmeitsje

Ronde 8: Djip sitten bliuwe

Ronde 9: Ekstra bonus hear ik krekt fan de sponsor

Ronde 10: Henk Gemser is tefreden

Ronde 11: Do bist hast op de helt

Ronde 12: Do bist op de helt

Ronde 13: Sorry, no bist echt oer de helt

Ronde 14: Net falle bliksem

Ronde 15: Avenseare, wy geane sa oan tafel

Ronde 16: It folgende rontsje rop ik neat

Ronde 17: Technyk net ferjitte

Ronde 18: Der komt in hege drukgebiet oan

Ronde 19: Ronde 19, it sjit lekker op

Ronde 20: Kom op, trochsette

Ronde 21: Set him op mei wite mûzen

Ronde 22: Kop der by hâlde

Ronde 23: Set troch, set troch, set troch

Ronde 24: Noch ien kear de binnenbocht

Ronde 25: Nei de finish efkes tsjin myn hân oanslaan.

Utteld is sa'n rider en útteld is sa'n coach.

Wat bin ik bliid dat soks by it fuotbal net safolle bart. Meastal gjin roppende en razende coaches dy't alle bewegingen fan de bal sadanich begeliede dat spilers net in bal mear reitsje en nei ôfrin alhiel gjin fertrouwen mear hawwe. Wat bin ik bliid dat soks by SDS hielendal net bard. Ik kin sneons lekker op myn gemak op de kantine sitte sûnder dat dy frede fersteurd wurdt troch gebald fan lieder.

Nee, ik bin echt bliid dat soks net bart by SDS. Hoewol, soms.....

## Wedstriidferslagen SDS C1

### 12-03-2005 SDS C1 – Makkum C1 1-4

It winterskoft doarret te lang, fierstente lang. We hienen in desimber nog wol langer trochgean kinnen. Yn jannewaris en febrewaris ha we 1 x oefene tsjin B2 en 4 wedstriden wienen ôflast. Hjoed tsjin Makkum. Ik ha der sels net by west, mar Tamme hat my wol wat fertelt. De útslach fan 1-4 is jammer mar wie wol terjochte. Der straalde net genôch fan de mannen ôf om yndruk te meitsjen op Makkum. Jort makke de goal. Yn Makkum hienen we 1-1 spile en dat wie doe ek in terjochte útslach. Allinnich wie it spul fan ús doe better as hjoed. Tsjin Akkrum nije wike foar de 3 punten.

### 19-03-2005 Akkrum C1 – SDS C1 0-2

Om hjoed út Easterein wei te kommen duorre al efkes, want Ludze kaam mar net. Om sawat 10 oer healwei tolven riden we fourt, sûnder Ludze. Lokkich waard hy troch heit en mem yn Akkrum brocht en der wienen we wii mei! Yn Itens gienen we lofts om Andries út Wiuwert op te heljen. Tagelyk mei ús riden B2 nei Snits. Jimme riede it al. Tamme ried foarop en doe wy lofts gienen, riden de oaren efter B2 oan nei Snits. Yn Akkrum kaamen wy dan ek mei trije jonges it terrein op. Al rillegau kaamen ek Tichelman en Plantinga by it fjild oan. Kertier oer tolven kaam ek van Wieren yn Akkrum. Hurd omklaaie en warming up. De tarieding wie dus net goed. We komme nei san fiif minuten wol foar troch in eigen goal fan Akkrum nei goed trochsetten fan Doede. De 1e helte gie it spul op en del, horizontaal en fertikaal, want de bal fleach alle kanten op. Der siet gjin spul yn fan beide kanten. Akkrum krige net follekânsen, mar wy wienen wol faak foar harren goal. Yn de

rêst besikje om it spul wer del te setten en it motto wie: "Rêst yn it spul en alderwetsk kombinearje". Ek dat slagge net yn de 2e helte. Hja krigen wat mear kânsen mar ús ferdiging mei Jelte Pieter en Ewout yn it sintrum en Jort en Ludze (1e helte Johan) op de backs stie goed. Ek Wouter wurk hurd om de oanslúting fan Akkrum te underbrekken. Akkrum skoarde al mar ik hie al bûtenspul sjoen en flagge. De skiedsrjochter seach en hearde my net en soe nei de midden. Ik rop him oan en lei út wat der bart wie. Hy karde de goal ôf. Der foelen wat flokwurden fan de fierders harstikke sportive ploeg fan Akkrum. Harren ynstelling foar, tidens en nei de wedstriid ha wy dan ek prize. Yn de lêste minuut falt de 0-2. Nei in skot fan Jacob koe Jarco de bal ynkoppe. Mar de keeper hie der noch in hân tusken en fan de peal foel de bal wer yn it doelgebiet. Tusken alle hannen en fuotten wist Doede de bal yn de goal te krijen. Folgende wike thús tsjin Drylts.

### 26-03-2005 SDS C1 – IJVS C1 2-2

*"Deze wedstrijd heeft het team niet alleen de 3 punten opgeleverd maar ook: In weer en wind als team blijven voetballen en concentreren, je niet laten intimideren door welke tegenstand dan ook, ondanks heftige overtreding weer opstaan en door willen gaan, ondanks diverse tegenslagen of achterstand blijven geloven in de mogelijkheden en voetballende oplossingen en last but not least dat het helpt om, als team maar ook als speler, hard te werken aan ontwikkeling, tekortkomingen én verbeteringen! Kortom: winst op alle fronten!"*

Dit stikje hie ik fan de webside fan IJVC helle. In hiel posityf ferhaal oer de C1 fan

IJVC, hjoed ús tsjinstanner thús. It earste wat wy dan ek tsjin ús jonges seinen wie dat hja goed op harren hoede moasten wêze want IJVC hat alle fertrouwen. Dat bliik ek út de earste 10 minuten. Hja hienen it bettere fan it spul, mar lokkich stie ús ferdigening wer goed. Is spul fan ús wie al better dan tsjin Akkrum, mar echte kânsen hienen we noch net hân oant der in oertrêding makke wurd op Doede wer we in strafskop foar krije. De 1-0 wurd makke troch Wytse dy fieders noch net lekker yn de wedstriid siet. Dat wie by mear spilers it gefal en sa kaam it dat wy net as team oan it fuotbaljen wienen. Omdat wy efkes net de oandacht by it spul hienen, de flaggenist fan IJVC flagge mar de bal wie noch fier yn it spul, koe IJVC der útkomme. Dan dienen se snel en goed want it waard 1-1. Flak foar rêst makket Johan de 2-1 út in frije traap. Yn de rêst mar wer in pear 'preken', lykas foarôf de wedstriid. Der ha guon fan de mannen nochal wat muoite mei, mar as je sels it bekje altiid iepen ha dan kinne je ek wat werom ferwachtsje.

